

Jo traapje nea op ien syn teannen as jo de foet nea fersetse

Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke



Wow, dat heb ik maar mooi gedaan

Over hete kolen lopen laat jongeren zien dat ze tot veel meer in staat zijn dan ze denken.

pagina 3>



Boeren binne op mûzejacht

De measten mûzen fersûpe wol en de oaren krije in klap mei de skeppe op de kop

pagina 5>



'Sport en spel' yn 'e fakânsje

Buertsportwurk Littenseradiel besiket bern mei ferskate aktiviteiten yn beweging te krijen

pagina 17>

Herman Bergwerff 'Master fan Wjelsryp'



Ynspirearre troch it sukses fan Maestro op de tillefyzje noege it fanfarekorps Concordia út Wjelsryp trije bekende minsken út om tidens it Valentijnsconcert as gastdirigent te striden om de titel 'Master fan Wjelsryp'. Húsdokter Herman Bergwerff (midden), dy't ferklaaid as boerefeint foar it orkest stie, makke mei syn entûsjaste wize fan dirigearjen de measte yndruk op de sjuery. Dûmny

Jan van den Boogaard (links), spile de rol fan in Hongaarse dirigent, waard twadde en beheerster Jelly van der Veer fan Yn 'e Mande, ferklaaid as ingel, naam de tredde priis yn ûntfangst. De sjuery bestie út dosinte Grietje Folkertsma, bistedokter Anneke Terwisscha van Scheltinga en diëetiste Anneke Boersma.

Foto's: Andries Veenstra

Gemeenterie: Winkels bliuwe ticht op snein

Wommels - Yn Littenseradiel is gjin ferlet fan iepenstelling fan de winkels op snein. Neffens fraksjefoarsitter Pim Astro fan SAM is dêr by de winkellju gjin draachflak foar. De meerderheid fan de gemeenterie fynt ferromming fan de winkeltiden dan ek nedich, sa

die bliken tidens de gemeenteriedsgearkomste op 16 febrewaris.

De fraksje fan SAM gong der út en hie petearen mei de bedriuwsliders fan de supermerken yn Mantgum, Winsum en Wommels. Op basis fan dy petearen kaam SAM ta de konklúzje dat ferromming fan de winkeltiden op snein net oan de oarder is. De fraksjes fan CDA en FNP dielden dy miening. Neffens Astro tinke de winkelju dat de winst op snein teneate dien wurdt troch minder omset troch de wike.

It kolleezje fan boargemaster en wethâlders woe fan de rie witte wat se fine fan in rommere iepenstelling fan de winkels. Op tafel lei in diskusjenota, wêryn oanjûn wurdt dat iepenstelling op snein no net mooglik is. Neffens it kolleezje wurdt der

sa no en dan wol om frege.

SAM, FNP en CDA joegen oan dat it hjoeddeiske belied wol wat romhertiger tapast wurde kin. Sa moat it neffens de trije partijen mooglik wêze dat winkels by eveneminten iepen kinne op snein, bygelyks tidens Op 'e Strún. Datselde jildt foar de feestdagen.

VVD-fraksjefoarsitter Mark van der Meer pleitte foar in algemiene iepenstelling fan de winkels op snein. Hy fynt dat de winkellju sels útmeitsje kinne oft se op snein al of net iepen geane. It is neffens him net oan de gemeenterie om dat út te meitsjen. Van der Meer joch oan dat op snein al in protte ynwenners fan Littenseradiel nei de omlizzende stêden gean om boadskippen te dwaan.

Iepenloftspul Jorwert komt fan't simmer mei Augustus

Jorwert - It Iepenloftspul Jorwert bringt dit jier Augustus foar it fuotljocht. It is de Jorwerter bewurking fan it stik August Osage County fan de Amerikaanske toanielskriuwer Tracy Letts.. Mei August Osage County wûn Letts de Amerikaanske literatuerpriis De Pulitzerpriis. It stik is yn 2013 ferfilme. De premjêre yn de Jorwerter notaristún is op sneon 22 augustus, de kaartferkeap set útein op moandei 1 juny

Yn it stik komt it útinoar fallen gesin Westra nei de dea fan de heit wer ris byinoar. Hoewol't it in tiid fan rou en oertinken wêze moatte soe, ûntardet it wersjen al gau yn

rúzje en gaos om't de bân tusken mem en dochters net al te goed is. Dochs besykje de Westra's har goed te hâlden: famylje is famylje en dêr moatte je alles foar dwaan; mar binne je bytiden net gewoan better ôf sûnder elkoar? Augustus is in inktswart drama, mei in humoristyske, hjir en dêr absurdistyske laach.

Tjerk Kooistra regisseurret Augustus. Spilers yn it stik binne Wiepkje Castelein, Sybrecht Speerstra, Sjoukje Jager, Lieuwe Tolsma, Sjoerd van Beem, Skelte Anema, Doete Stenekes, Betteke Eerligh, Oane Swart, Fenna Bijlsma en Wytse Vermeulen.

Timmer- & Aannemersbedriif

Van Ruiten

Tel. 06 24 629 763 | Wommels

www.aannemervanruiten.nl

Al 20 jaar uw haar onze zorg

't Kappershûs

www.kappershuis.nl

Alle soorten snoeiwerkzaamheden zoals: heesters, fruit - en leibomen

GAARDENIER

uw hovenier

info@gaardenier Tel.: 0515-333535

De lisbaan 1a Wommels

LYTSE DOARPEN Rintocht

Zaterdag 18-04-2015 in Easterlittens

www.lytsedoarpenrintocht.nl

VANGRAIL

zaterdag 7 maart 22.00 uur

party- en activiteitscentrum

It Dielshûs

W O M M E L S